



KURRIKULUM.FRL

DE NIJE KEARNDOELEN FRYSKE TAAL & KULTUER

Wat betsjut dat foar it ûnderwiis op ús skoalle(n)?

Fardau Visser, NHL Stenden
Ferdau Terpstra, Cedin

DE BELOFTE EN DE YNHÂLD

“Yn dizze wurkwinkel sil elke dielnimmer **oan ‘e slach mei in analyze**: yn hokker mjitte slút it nije kurrikulum al oan by de eigen praktyk en hokker útdagings steane der oan te kommen? Ek diele we belangrike **tûkelteammen en nijsgjirrige advizen** fan leararen en skoallieders dy't belutsen west ha by de útprobearfase.

It doel fan de wurkwinkel is dat dielnimmers **witte wat ymplemintaasje op de eigen skoalle ynhâlde sil**, mar ek **ideeën hat oer hoe't dat oanpakt wurde kin**. De wurkwinkel is tige geskikt om tegearre mei in kollega te folgjen.”

Programma		
1.	Iepening en foarstelle	5 min.
2.	Oan it wurk: Kearndoelen-analyze	20 min.
3.	Tûkelteammen en advizen út de fjildgroep foar ymplemintaasje Oan it wurk: Hokker tûkelteammen en advizen nimme jo mei?	20 min.
4.	Ofslúte: Wat is jo earste stap?	5 min.

OAN IT WURK: KEARNDOELEN-ANALYZE


Gean mei de kollega('s) om in placemat sitten en nim in steapel doelsinnen (pû of fû).

Bepaal fan elke doelsin it plak op de placemat sa as dat foar jimme skoalle is.

Kies foar :

- dogge we al (grien)
- dogge we net mar is gau realisearber (oranje)
- dogge we net en wurdt ek noch in útdaging/we foarsjogge tûkelteammen (read)



Binne jo bestjoerder, meitsje dan in ynskatting fan de gemiddelde situaasje.





Dogge wy no all	Dogge wy noch net mar kinne wy maklik realisearje
Dogge wy noch net en is in útdaging.	

TÛKELTEAMMEN EN ADVIZEN

- Ymplemintaasje fan de nije keardoelen FTK is in proses fan ambysje en (dus) feroaring!
- Model fan Knoster
- Waaier om eigen tûkelteammen en advizen by te hâlden.



TÛKELTEAMMEN EN ADVIZEN: FYZJE

TÛKELTEAMMEN 	ADVIZEN 
<input type="checkbox"/> <i>Gebrek oan in breed droegen fyzje op it leargebiet Fryske taal & kultuer op bestjoersnivo;</i>	<input type="checkbox"/> Tink nei oer in (oerkeppeljende) fyzje op it leargebiet Fryske taal & kultuer passende by de learlingenpopulaasje én by de wetlike opdracht en lis dy fyzje fêst;
<input type="checkbox"/> <i>Gebrek oan in fyzje op it leargebiet FTK op skoalle(n) en yndividuele leararen;</i>	<input type="checkbox"/> Jou FTK in fêst plak yn it bestjoers- en skoalbelied en de beliedssyklus sadat it ûnderdiel fan it DNA fan de organisaasje/de skoalle wurde kin;
<input type="checkbox"/> <i>It ûntbrekken fan dúdlik belied rûn FTK yn de organisaasje/skoalle: dêrtroch is der in gat tusken belied, planning en de deistige praktyk.</i>	<input type="checkbox"/> Freegje stipe fan taalplanpartijen by fyzjen en beliedsûntwikkeling.





Refleksjefraach:

Hokker tûkelteammen en/of advizen binne fan tapassing op jo eigen situaasje?

Streekje oan.

TÛKELTEAMMEN EN ADVIZEN: BELANG/URGINSJE

TÛKELTEAMMEN 	ADVIZEN 
<input type="checkbox"/> <i>Der is net genôch besef fan de wearde fan it Frysk foar bern (memmetaalsprekkers) en foar de Fryske kultuer by bestjoeren, teams en leararen;</i>	<input type="checkbox"/> Draach as bestjoer de urginsje út nei skoallen, bygelyks troch oerkeppeljend belied mei spearpunten en befreesje de skoallen op harren skoalbelied FTK;
<input type="checkbox"/> <i>It urginsjebesef ferskilt tusken kollega's → dit hat ynfloed op de trochgeande line.</i>	<input type="checkbox"/> Wês as bestjoer en skoalieding op de hichte fan de wetlike ferplichtingen en kommunisearje hjiroer nei leararen en âlders;
	<input type="checkbox"/> Nim as skoalieders in liedende rol: ek as Frysk & meartaligens by de taalkoördinator leit, freegje nei ynhâld en fuortgong en beklamje tegearre met de taalkoördinator it belang fan Frysk & meartaligens nei de rest fan de kollega's.





Refleksjefraach:

Hokker tûkelteammen en/of advizen binne fan tapassing op jo eigen situaasje?

Streekje oan.

NB: Soargje dat jim skoalle(n) in goed opliedingsplak is/binne foar pabû-studenten sadat nije leararen goed kwalifisearre binne!

TÛKELTEAMMEN EN ADVIZEN: PLAN (EN PLANNING)

<input type="checkbox"/> TÛKELTEAMMEN 	<input type="checkbox"/> ADVIZEN 
<input type="checkbox"/> <i>Gebrek oan strukturele bekostiging en planning foar FTK;</i>	<input type="checkbox"/> Untwikkelje, ôfstimd op de fyzje, de wetlike ferplichtingen en it Taalplan 2030 mearjierreplannen op bestjoers- en op skoallenivo;
<input type="checkbox"/> <i>Fryske taal en kultuer wurdt net systematysk yntegrearre mei oare fakken;</i>	<input type="checkbox"/> Hâld rekken mei de fêststelling fan de nije keardoelen en de ambysje 2030: meitsje in plan mei helbere en konkrete stappen;
<input type="checkbox"/> <i>Te folle ôfhinklikheid fan yndividuele 'oanjagers'.</i>	<input type="checkbox"/> Set FTK op fêste mominten op de aginda om kollega's te ynformearjen, ôfspraken te meitsjen of om aksjes te evaluatearjen;
	<input type="checkbox"/> Meitsje ôfspraken oer de ferdieling fan de taken oangeande FTK binnen de skoalle en soargje derfoar dat eltsenien syn ferantwurdlikheden wit en neikomt;
	<input type="checkbox"/> Nim yn de skoaljierplanning tiid, romte en jild op foar leararen om bekwaam te wurden yn 'e nije keardoelen, de ûnderlizzende fyzje en de feardichheden dy't de ymplementaasje freget;
	<input type="checkbox"/> Set Frysk op in serieuus plak op it lesroaster: minimaal 1 oere yn 'e wike as leargebiet/fak en derneist mooglik oandacht foar FTK yntegrearre yn oare fakken.





Refleksjefraach:

Hokker tûkelteammen en/of advizen binne fan tapassing op jo eigen situaasje?

Streekje oan.

TÛKELTEAMMEN EN ADVIZEN: MIDDELEN

<input type="checkbox"/> TÛKELTEAMMEN 	<input type="checkbox"/> ADVIZEN 
<input type="checkbox"/> <i>Leararen binne tefolle tiid kwyt oan it finen fan materialen dy't passe by hun doelgroep;</i>	<input type="checkbox"/> Bestjoeren fasilitearje in boppeskoalske (digitale) omjouwing / platfoarm dêr't leararen materialen fine kinne en ideeën diele kinne;
<input type="checkbox"/> <i>Leararen binne tefolle tiid kwyt oan de ûntwikkeling fan of it oanpassen fan besteande materialen sadat dy passe by hun doelgroep.</i>	<input type="checkbox"/> Skoallieders: kreëarje tiid, romte en (reservearje) jild foar leararen om ûnderwiis, kennis en kunde oangeande FTK te ûntwikkeljen en te ymplementearjen;
	<input type="checkbox"/> Afûk wurket oan it up to date meitsjen fan Spoar 8 en Searje 36: soargje dat alle belutsen leararen op 'e hichte binne/bliuwe fan de fernijingen, dizze fine kinne en brûke;
	<input type="checkbox"/> Freegje stipe by it ymplementearjen fan de nije keardoelen troch eksperts fan de taalplanpartijen passende by jim skoallefraach;
	<input type="checkbox"/> Freegje de kwaliteitskaart Frysk & meartaligens oan by de skoalstiper en/of meitsje op grûn fan it PTO/PTA in skoalspesifyk programma fan oanbod en materiaal.




Refleksjefraach:

Hokker tûkelteammen en/of advizen binne fan tapassing op jo eigen situaasje?

Streekje oan.

TÛKELTEAMMEN EN ADVIZEN: KOMPETINSJE





Refleksjefraach:

Hokker tûkelteammen en/of advizen binne fan tapassing op jo eigen situaasje?

Streekje oan.

*Befoarderje kennis en feardichheden om FTK foarm te jaan yn 'e praktyk bygelyks troch: KlasseFrysk + It Foech Frysk, trainingen pedagogyske en didaktyske feardichheden foar FTK en meartaligens, trainingen foar yntegrearre taalûnderwiis (FTF, YMU), differinsjaasje en taastipe.

TÛKELTEAMMEN 	ADVIZEN 
<input type="checkbox"/> <i>Der is yn teams net altyd foldwaande kennis, kunde en entûsjasme by leararen en skoallieders oer meartaligens en it ûnderwizen fan Frysk;</i>	<input type="checkbox"/> Bestjoeren/skoallieders: Leararen moatte kennis fan saken hawwe om goed FTK te ymplementearjen en út te fieren. Besjoch wat op bestjoerlik-/skoalnivo nedich is en fasilitearje profesjonalisearring*
<input type="checkbox"/> <i>Kompetinsjes binne te min ferspraat oer it team, Frysk hinget faak oan ien (entûsjast) persoan (en is dermei kwetsber yn it kurrikulum);</i>	<input type="checkbox"/> Nim kompetinsjes Fryske taal & kultuer en it Foech Frysk op yn it oannamebelied;
<input type="checkbox"/> <i>Der bestiet in idee dat skoallen sûnder Frysktalige bern en/of mei in soad oarstalige bern neat mei it Frysk kinne.</i>	<input type="checkbox"/> Stel tiid beskikber dat leararen boppeskoals en/of binnen teams kennis en ideeën útwikselje, sammelje en diele en dat goede foarbylden bewarre wurde (yn Teams);
<input type="checkbox"/> <i>Leararen dy't net fan hús ut Frysktalich binne hawwe faker muoite mei it jaan fan Frysk.</i>	<input type="checkbox"/> Profesjonalisearje leararen yn hoe't se FTK ûnderwize kinne oan net- en wol-Frysktalige bern en oarstalige bern;
	<input type="checkbox"/> Profesjonalisearje leararen yn it ûntwikkeljen fan harren eigen taalfeardigens Frysk.

OFSLÚTE

Wat is jo earste stap op wei nei de nije keardoelen?



ÔFSLÚTE

Wat is jo earste stap op wei nei de nije keardoelen?



TIP!

Advys nedich by it bepalen fan de strategy of help nedich by de ymplementaasje fan de nije keardoelen?
Freegje de skoalstiper of freegje in adviseur Frysk & Meartaligens fan Cedin foar foarljochting, advys, ynhâldlike stipe of skoalling.

TF
2030

Frysk, foar no en letter